

## Meindert Schroor [hdred.] (2016) Nieuwe Encyclopedie van Fryslân

Gorredijk/Leeuwarden: Bornmeer/Tresoar

Pieter Duijff en Piet Hemminga

### Konklúzje

*De blidens, dat it anno 2016 slagge is om in aktuele en brede ensyklopedy fan Fryslân út te bringen, wurdt by it brûken raar timpere troch alle flaters, hiaten en ûnfolsleinens yn en fan de nije ensyklopedy. Dêroerhinne rinne it ynkonsekwint beneamen fan de lemma's, de drege tagong ta dyselde lemma's en de net te folgjen kar fan persoanen en ûnderwerpen foar de lêzer op in flinke teloarstelling út. It slimste is dat de lêzer net op de nije ensyklopedy oan kin. Fansels, it is net allegearre misgjen. De beskriuwingen fan gemeenten en provinsje meie der wêze. Der steane skoandere stikken yn oer in ferskaat fan saken. Der stiet ek in tal fertsjinstlike persoansportretten yn. Mar, om dúdlik te wêzen: de Nieuwe Encyclopedie van Fryslân (NEF) bringt yn syn hiele hear en fear net wat der yn stean moatten hie. Sadwaande hellet de NEF de sels-formulearre doelen ta skea fan de brûkers net. Hiel wat teksten binne ûnfoldwaande adekwaat, betrouber en dúdlik. De seleksje fan de lemma's is net konsistint bard en sadwaande suver net te folgjen. Ferwizingen en literatueropjeften binne faker as ien kear net by de tiid. Hoe beskate ynformaasje te finen, is faker as ien kear net dúdlik. Lokkich meitsje de opnommen kaarten en ôfbyldingen noch wat goed. Mar as it oer de opmaak giet, moat sein wurde dat de NEF wol in hiel soad lemma's hat dy't tefolle wyt papier fergje.*

*Hoe is sa'n negatyf einoardiel dochs mooglik, as men sjocht nei de gearstalling fan it redaksjeteam, de oanwêzigens fan in klankboerdgroep en de twa útgjowers, de iene dochs net de minste en de oare in organisaasje dy't in namme op te hâlden hat? Is it de haad- en einredaksje faaks boppe de macht gien? Hat de organisaasje fan ien en oar net doogd, hat de tiidsdruk te grut west of wienen de fasiliteiten ûnfoldwaande? Yn alle gefallen is der yn de korreksje- en einfaze fan de fjouwer mânske dielen hiel wat ferkeard gien. Foar elk is soks dochs och sa spitich. Tagelyk is it dúdlik dat, ear't de NEF op it ynternet set wurdt, sa't it doel is, der noch hiel wat ferbettere en oanpast wurde moat. Oan de papieren ferzje sil neat mear feroare wurde kinne. Dy stiet net, mar leit der al.*

*Ynlieding*

De 15de septimber 2016 wie in memorabele dei. Doe ferskynde, santjin jier nei it earste útstel dêrta, de *Nieuwe Encyclopedie van Fryslân* (NEF). Elk mei der bliid mei wêze, dat it slagge is om foar de tredde kear in ensyklopedy oer Fryslân, de bewenners, organisaasjes, ynstitúsjes en it wurk it ljocht sjen te litten. Foaral, om't it meitsjen fan in ensyklopedy gjin sinekuere is. Sa't it foarwurd dúdlik makket, hawwe de gearstallers de nedige ambysjes as it om de nije ensyklopedy giet. En dat mei fansels ek wol, as men sjocht wa't allegearre oan de NEF bydroegen hawwe, hoe lang't – hiel wat langer as yn de jierren fyftich – der oan arbeide is en de inkelde miljoenen euro's dy't ien en oar koste hat.

De NEF wol in eigentiidsk – de NEF is ôfsluten op 1 juny 2015 – byld fan Fryslân, it grûngebiet, de maatskippij en de bewenners yn al har fasetten jaan, sa wurdt op side 6 dúdlik makke. Fierders wol de NEF de lêste stân fan saken werjaan, as it giet om kennis en opfettingen oer it ûnderwerp of de persoan. En de beskriuwingen wurde oanfolle, as dat nedich is, mei wiidweidige ferwizingen, sa wurdt allyksa op side 6 fan de NEF skreaun. It wichtichste wurk fan de neamde persoanen wurdt ek jûn. En foar sawol de persoanlike as tematyske lemma's wurdt de – printe en elektroanyske – literatuer dy't fan belang is foar in beskaat ûnderwerp opnommen. It giet fierders om it beânderjen fan it ferlet fan 'handzame feitenkennis, waarvan de inhoud wordt gegarandeerd door een wetenschappelijke redactie en door auteurs die met naam en toenaam bekend zijn. Informatie die wordt aangeleverd en ingedeeld volgens eensluitende criteria. Kennis bovendien waar steeds naar kan worden verwezen en die op zijn beurt naar betrouwbare bronnen elders, zowel in druk als op het internet verwijst.' Op side 9 wurdt fierders dúdlik makke, dat it by de persoanen dy't yn de NEF steane, giet om lju dy't yn Fryslân berne binne en dy't earne oars berne binne en dy't har yn Fryslân 'op enigerlei aansprekende wijze hebben onderscheiden'. En fierders dat '[c]riteria van geboorte en 'palmares' [...] met zich mee [brengen] dat in een enkel geval ook personen zijn opgenomen, waarvan de ouders op dat moment toevallig in Fryslân woonachtig of aanwezig waren, maar spoedig naar elders vertrokken.' Dat betsjut, dat elk mei ek mar yn de fierte in Frysk rookje in lemma yn de NEF krigen hat of yn alle gefallen krije koe. Dat is in kar dy't men skoan folgje kin, mar it is grif noch net sa maklik om sa'n opset yn de praktyk te bringen. Sa'n hiel breed formulearre opset makket de kâns dat tefolle lju tusken wâl en skip bedarje, der net earlik lytser op. Dat nimt net wei, dat de NEF skoandere stikken telt. Bygelyks de geografyske stikken oer gemeenten en stêden, in tal histoaryske bydragen, mar ek dy oer it ûnderwiis en hiel spesjalistyske stikken, lykas dat oer de libellen.

It meitsjen fan in sa brede ensyklopedy is in ûnbidich stik wurk. Dat wurk is mei troch de sûnt 1958, it ferskiningsjier fan de *Encyclopedie van Friesland*, feroare ekonomyske en maatskiplike omstannichheden, de trochgeande spesjalisasje op bygelyks it mêd fan de wittenskip en it fuortfallen fan earder besteande grinzen, der net makliker op wurden. Tagelyk is it mei help fan de ynformaasjetechnology dêrfoaroer krekt hiel wat makliker wurden om de nedige en bot tanommen ynformaasje te finen. Men kin úthâlde, dat it meitsjen fan in papieren ensyklopedy sûnder tûk gebrûk te meitsjen fan it ynternet winliken net mooglik is. Op datselde ynternet kin men ûnder mear jins foardiel dwaan mei de *Wikipedia/Wikipedy*, de ynternet-ensyklopedy dy't yn in ferskaat fan talen mei dêrûnder it Frysk, en mei tal fan njonkenprojekten lykas databestannen, nijsboarnen en wurdboeken, makke wurdt troch frijwilligers. De Nederlânsktalige ferzje telt ûnderwilens sawat twa miljoen artikels en de Frysktalige *Wikipedy* telt sawat 40.000 siden. Sokke tallen meitsje yn alle gefallen dúdlik dat in ynternet-ensyklopedy gjin lêst fan romte of papierkrapte hat. Boppedat liket de kwaliteit net minder te wêzen as dy fan in tradisjoneel makke ensyklopedy. En de sifers meitsje ek dúdlik dat de *Wikipedia* in hiel soad brûkt wurdt.

Wy kinne yn dit besprek, allinne al sjoen de omfang en bredens fan sawol de NEF as de *Wikipedia*, de iene net kritysk mei de oare ferlykje, mar it seit himsels dat men jin by it trochnimmen fan de NEF net hielendal oan de oanwêzigens fan de *Wikipedia* ûntlûke kin. Dat makket it besprek fan de NEF noch dreger as dochs al it gefal is foar dizze beide besprekkers, dy't fansels net by steat binne om alle mêden yn de NEF oereagje te kinnen. It seit dan ek himsels dat ús besprek net folslein wêze kin, mar dat nimt net wei, dat wy it as ús opdracht sjogge om de NEF te hifkjen oan de hjirfoar werjûne en op de siden 6 en 9 fan de NEF beskeane doelen. Yn it earste part fan ús besprek sjogge wy nei de lemma's, kaarten en ôfbyldingen en dêrnei sille wy ien en oar opmerke oer de struktuer, opmaak en brûkte literatuer. Dat allegear mei-inoar rint út op in einoardiel, dêr't wy dit besprek mei begûn binne.

### *Lemma's*

It earste lemma yn de NEF is 'A6', de autodyk dy't by De Lemmer Fryslân ynkomt en by De Jouwer oergiet yn de 'A7', it folgjende lemma. Goed 3.100 siden fierder is 'Zylstra, D.H.' it lêste lemma. Tusken dy twa lemma's spilet ús besprek him ôf. Wy begjinne mei it ûnder it fergrutglês lizzen fan inkelde – betreklik tafallich keazen – lemma's.

Wy wolle alderearst it lemma 'Aangeland' op it aljemint bringe. Dat makket fuortendaliks ien fan de sintrale problemen fan de NEF dúdlik.

Wat moat wol en wat moat net opnommen wurde? Yn dit gefal is it net dúdlik wêrom't in term dy't yn hiel Nederlân brûkt wurdt en hiem is, in lemma krigen hat. Wy kinne alle begryp opbringe foar it probleem, mar de lêzer soe dochs ferwachtsje meie, dat de redaksje it wêrom net ûnbeändere lit. Doch is dat op mear as ien plak al it gefal. Sa is it bygelyks net dúdlik wêrom't lemma's as 'Sage', 'Saliërs' of 'Saneringsregelingen' in selsstannich plak krigen hawwe.

Dan it lemma 'Alternatieve geneeskunde'. Dat is in net ûnbelangryk artikel, as men weromtinkt oan alle duvelbanners, kwaksalvers, magnetiseurs, strikers en wûnderdokters dy't de Friezen al of net fierder holpen hawwe of noch helpe. De NEF lit witte, dat tsjintwurdich leaver oer komplemintêre of yntegrearre genêskunde praat wurdt. Wa't dat leaver dogge, wurdt net sein en likemin, dat de KNMG – de offisjele doktersorganisaasje – it krekt net oer komplemintêre genêskunde hawwe wol, om't dy term de alternative genêskunde tefolle oansjen liket te jaan. Fierders makket it lemma dúdlik, dat it foaral minsken binne mei psychosomatyske klachten of mentale problemen dy't it heil sykje by de net-gewoane genêskunde. Wêr't dy konstatearring weikomt, wurdt net dúdlik makke. Om te besluten mei: 'Er wordt wel beweerd dat Friezen een aangeboren affiniteit met deze vorm van geneeskunde hebben omdat ze dicht(er) bij de natuur zouden staan.' De *Wikipedia* begjint it ferlykbere lemma 'Alternatieve geneeswijze' mei praktysk deselde sin as ek de NEF brûkt: 'Een alternatieve geneeskunde is een behandel- of onderzoeksmethode waarvoor geen algemeen aanvaard wetenschappelijk bewijs van geneeskundige effectiviteit geleverd is.' Mar dan rinne de twa lemma's fier út elkoar. De *Wikipedia* jout ûnder mear omtinken oan de skiednis, wetjouwing en terminology en ek in NIPO-ûndersyk fan 1998 nei it tinken oer alternative genêskunde. Dat is allegearre hiel wat ynformativer as it stikje yn de NEF, dat boppedat net oanjout wêr't de oanhelle alhiel diskutabele en net yn de NEF hearrende bewearing weikomt. Under it lemma 'Volksgeneeskunde' kin men lêze, dat dy op beskate ûnderdielen evoluearre is ta alternative genêskunde. En dat yn Fryslân sa'n hûndert minsken warber binne yn it alternative sirkwy. Mar wêrom komt men dat net ûnder it lemma 'Alternatieve geneeskunde' tsjin? En wêrom ferwiist it earste trefwurd net nei de oare mei it oanbelangjende ûnderwerp gearhingjende trefwurden? Feitlik docht sa'n stikje de hege ambysjes fan de NEF ûnderstek.

Deselde auteur as dy fan it stik oer de alternative genêskunde hat ek it lemma 'Ziekenhuizen' – en 'Gehandicaptenzorg' – foar syn rekken nommen. Dat stik freget ek om korreksje. Sa begjint it al mei it sizzen, dat der

seis algemiene sikehûzen yn Fryslân binne, om fuort dêrnei en op himsels korrekt it Harnzer *Oranjeoord* by it Ljouwerter MCL ûnder te bringen. Mar doe wienen der noch fiif sikehûzen. *Sionsberg* yn Dokkum is syn status as algemien sikehûs ek kwyt. Dat, doe wienen der noch fjouwer. Fierders, sa seit de NEF, moat men foar alderhande heechspesjalisearre soarch nei sikehûzen bûten de provinsje ta. Dat sizzen giet op foar bygelyks neurosjirurgy, dy't net neamd wurdt, mar net foar hertsjirurgy of ivf-behandelingen, dy't wol neamd wurde. 'Het aantal jaarlijkse ziekenhuisopnamen ligt in Fryslân beneden het landelijk gemiddelde, maar het aantal opnamedagen is evenwel hoger dan gemiddeld.' Sûnder ferlykjende en yn de tiid útsette tallen bringt sok sizzen de lêzer net folle fierder. De auteur lit fierders witte, dat de Fryske sikehûzen nochal op elkoar lykje, mar dat der dochs ferskillen binne. Sa is it Snitser *Antonius Ziekenhuis* 'een ondernemend, regionaal ziekenhuis dat staat voor veilige en betrokken zorg.' En yn Drachten hawwe se in stiltesintrum en in modern restaurant! Mar neat oer it elektroanysk pasjintedossier. Sjoch, sokke p.r.-teksten, dy't mooglik rjochtstreeks fan it ynternet helle binne, dogge gjin rjocht oan de Fryske sikehûzen, harren prestearjen, problemen en ûntjouwingen. Wêrom gjin sifers oer bêdetallen, ferpleechdagen, tal konsulten, spesjalismen ensafuorthinne? Hawar, men moat de moedfearren net hingje litte, want '[e]en andere ontwikkeling die in Fryslân bespeurbaar is, is de groeiende aandacht voor de verwetenschappelijking van de zorg.' Soe dat ek foar de alternative genêskunde jilde?

En as der oer alternative genêskunde skreaun wurdt, sil it ek oer de alternative lân- en túnbou gean moatte. Dat stikje moat men lykwols fine ûnder it lemma 'Biologisch-dynamische landbouw (BDL)', dat begjint mei 'Duurzame landbouw waarbij de mens respectvol samenwerkt met de natuur, de bodem cultiveert en dito omgaat met de gewassen en het vee.' Is biologysk-dynamyske lânbou itselde as duorsume lânbou? By it lemma 'Duurzame ontwikkeling' komt men ien en oar trouwens net tsjin. Hawar, giet de gewoane of moderne lânbou yn it perspektyf fan de NEF sûnder respekt mei fee, natuer en planten om? En hokker persintaazje fan alle Fryske lân- en túnbou is biologysk-dynamysk? En wat is de ûntjouwing troch de jierren hinne? En hoe steane de beide brûkfoarmen foar elkoar oer? Men wurdt it yn de NEF net gewaar. Wol einiget it oanbelangjende lemma mei de sin: 'Verder houdt 'Soune Groun' zich met BDL bezig.' Dat sil grif sa wêze, mar wat is 'Soune Groun' en wat hâldt it 'zich bezighouden' yn? Sa bringt de NEF syn brûkers en lêzers net fierder.

Mar der is fansels noch folle mear lânbou yn Fryslân. Wat seit de NEF oer bygelyks de feefokkerij, koöperaasje en suvelynustry? Dat binne mêden

dy't sûnt 1958 net earlik stilstien hawwe en boppedat ekonomysk fan grut belang binne of west hawwe. It lemma 'Veemarkt' wurdt op de side dêrfoar yllustrearre mei in moaie foto fan 'Workum, veemarkt 1946'. Mar feitlik liket it om de Warkumer feekeuring te gean. Wierskynlik jout de foto in byld fan dy keuring, dy't al sûnt 1900 op de fjirde woansdei fan septimber yn Warkum hâlden wurdt. Oars alle lof foar de yllustraasjes yn de NEF, dy't oer it generaal it besjen tige wurdich binne en in moaie diminsje oan de tekst taheakje.

No earst werom nei it lemma oer it feefokken. Dat seit neat oer de nei 1958 folslein feroare opfettingen oer en praktyk fan de feefokkerij. Oer âld-stamboekfoarsitter Jan Wassenaar wurdt sein, dat er mear as tsien – hoefolle krekt? – preferinte bollen fokte en him ynsette foar de promoasje fan it Fryske fee oer de hiele wrâld, mar net dat syn oanpak datselde Fryske fee ynternasjonaal slim op efterstân sette en de ûndergong fan it Fryske stamboek ynlaat hat. Dy hiele skiednis is ûnder mear prachtich beskreaun troch Reimer Strikwerda, mar dy syn persoan hat frjemd genôch gjin lemma yn de NEF krigen. Datselde jildt foar Rigtje Wassenaar-Boelstra, net allinne de frou fan, mar ek tekener, fotograaf en sineast en boppedat, mei har suster, grûnlizzer fan de Boelstra-Olivierstichting – dy't ek al net neamd wurdt – en de iennichste Fryske boerinne dy't ridder yn de *Oarder fan Hamayûn* wie.

It lemma oer de feefokkerij ferwiist nei fiif ûnderskate stamboekorganisaasjes. Fan de *CR Delta* wurdt yn it eigen lemma allinne sein, dat dy yn Arnhem te finen is en sûnt 1999 de grutste Nederlânske koöperaasje op it mêd fan it ferbetterjen fan it hoarnfee is. Dat dyselde organisaasje û.o. it *Fries Rundveestamboek* ta syn foargongers telt, wurdt by it koarte lemma 'Fries Rundvee Stamboek (FRS)' neamd. It lemma oer it Hynstestamboek seit neat oer de eardere perikels fan dat stamboek en likemin oer de hjoeddeiske problemen mei de fokkerij of de suksessen fan de jierlikse hynstekeuringen en -shows. En it lemma mist de heldere ferklearringen en taljochtingen fan Jorieke Savelkouls, sa't dy ûnder mear yn har stik 'The Friesian horse and the Frisian horse' yn *De Vrije Fries* fan 2015 te lêzen binne.

De *Fryske Akademy* (FA) hat útsoarte ek in lemma krigen, allinne dêr falt ek it nedige op oan te merken. It omtinken foar de warberens op it mêd fan de taal- en ûnderwiissosjology wurdt oer de holle sjoen, lykas de – eardere – ynset op bestjoerskundich en histoarysk-geografysk mêd. De taalsosjology wurdt, oars as wat it opsmitten hat, allinne neamd, en it útbringen fan in sosjaal-wittenskiplike rige is ferjitten. Yn it stik wurdt ferlike tusken tallen boekútjeften troch de jierren hinne, mar

der wurdt foarbygien oan it feit dat it krekt om beskate skiften wittenskiplike publikaasjes giet, lykas oan de feroarjende betingsten dy't oan it wittenskiptsbedriuw troch de jierren hinne steld binne en wurde. De ûnderwilens in tal kearen hâlden eksterne fisitaasjes en it oardiel dat soks oplevere hat, wurde ek net neamd. Der is likemin each foar it ûnderskied tusken it wittenskiplik en maatskiplik belang fan de FA. En dat de FA yn 1990 in KNAW-ynstitút waard, is mar foar in part wier! Boppedat stie de letter feroare bestjoerlike opset dêr los fan. Der hie ek wat sein wurde kinnen en moatten oer de finansjele krisis dêr't de FA yn 2004, mei mear as ien gefolch – it tebekrinnen fan it tal promovendy as gefolch fan finansjele tekoarten, wie mooglik net iens it slimste –, sels ferantwurdlik foar wie. De subsidiïnten hawwe de FA doe fan de ûndergong rêden. Dat de FA mooglik meikoarten in ûnderdiel wurdt fan de *University Campus Fryslân* – dy't yn it lemma 'Universitair onderwijs in Fryslân' wol neamd, mar dêr't net nei ferwiisd wurdt – is moai krantenjys, mar is op dit plak feitlik net krekt.

Fan de *Waddenacademie* wurde doel en opset beskreaun, mar de lêzer wurdt net gewaar wat dy ûnderwilens út de wei set hat en wat der dien wurdt. Feitlik giet it lemma 'Universitair onderwijs' oer dat ûnderwiis nei 1811, spitiger is dat as reden fan it ferdwinen fan it *Sociaal Hoger Onderwijs Friesland* – in namme dy't de NEF trouwens by 'Agogische Academie Friesland (AAF)' wol, mar net by 'Universitair onderwijs in Fryslân' neamt – allinne besunigingen en problemen mei de struktuer neamd wurde, wylst de ynhâld en kwaliteit foar mooglik noch gruttere problemen soargen. Foar dy problemen moat men nei it lemma oer de AAF ta, mar dêr heart de kwestje winliken net thús.

Under 'Volkshogeschool' wurdt sein dat '[i]n Folkshogeskoalle Schylgerlân [lê: Schylgeralân] Terschelling (1948) blijft het oorspronkelijke volkshogeschoolwerk voortleven. De nadruk ligt er vanouds op de Friese taal en cultuur'. In koart útstapke nei de ynternetsiden fan dy organisaasje makket lykwols dúdlik, dat dy beskriuwing net mei de werklikheid strykt. It is spitich dat de Folkshogeskoalle net in eigen lemma krigen hat, wylst men de folle minder bekende stifting Schylgeralân as 'Schylgeralân, Stifting' wol oantreft.

It lemma 'Coöperatie (versus speculatie)' jout in definysje fan dy organisaasjefoarm, it oprjochtsjen fan de brânfersekering fan Achlum yn 1811, it molkfabryk fan Wergea fan 1886 en it grutter wurden fan de skaal dy't soarge hat foar ynternasjonaal wurkjende koöperaasjes. Nei alle gedachten wurdt op *FrieslandCampina* doeld, mar dat wurdt net sein. En dat eardere

koöperaasjes, lykas *Achmea*, *FBTO* en *Friesland Bank*, de fennoatskipsfoarm boppe dy fan de koöperaasje foar kar nommen hawwe, wurdt net opmurken. Likemin as dat de *RABO* dat paad krekt nêt opgien is.

Statistiken oangeande it ferdwinen fan alle pleatslike bank-, oankeap-, en suvelkoöperaasjes misse ek, krektlyk as dy oangeande de gersdrûgerijen, *K.I.-ferieningen* en ark- en reaukoöperaasjes, dy't yn 1958 noch bestienen. In inkeld wurk fan Klaas Tjepkema, dy't de ûntjouwing fan de Fryske boere-organisaasjes beskriuwt, wurdt wol neamd, mar amper brûkt, wylst syn persoan net in lemma krigen hat. Soks kin men winliken beoardielje as heal wurk.

De suvelyndustry kriget ûnder it trefwurd 'Zuivelfabriek' omtinken, mei in apart lemma foar *FrieslandCampina*. Yn 1896 wienen der 87 fabriken, 44 koöperaasjes ynbegrepen. 'Het aantal bleef groeien tot na de Tweede Wereldoorlog. Daarna vond een periode van fusies plaats en slonk het aantal coöperatieve zuivelfabrieken.' Feroare it tal spekulative fabriken net? En om hokker tallen giet it? Wêr binne noch fabriken en wat is harren omset en it tal leden? Koartsein, de *NEF* hâldt ek al net oer yn dit stik fan saken. Yn de *NEF* wurdt skreaun dat *FrieslandCampina* en *Nestlé* noch in tal suvelfabriken yn Fryslân hawwe. Hoefolle en hoe grut wurdt oerslein. *Vreugdenhil* yn Skarsterbrêge wurdt net neamd, lykas ûnder de nijkommers op It Hearrenfean – njonken *Royal A-ware* en *Fonterra-Ausnutria Hyproca*, *Orange Nutrition* en *Henry Willig* ferjitten binne.

En stiet it der better foar as it om de persoanen yn de agraryske wrâld giet? Pieter Boyen de Boer, Kai Bouma (Friese Mij), Andries Bouwes, (Kondinsfabryk), Gerrit Hepkema fan datselde fabryk, Piet Houtsma (Friese Mij) en, lykas hjirfoar al opmurken, Jan Wassenaar (*KFRS*) steane der yn, lykas trije koöperative Kuperussen, mar oare mannen fan belang foar de ûntjouwing fan Fryslân yn de lêste desennia, lykas Pieter Anema (*LNV*), Harry Frieswijk (*FBTO*), Bartus Hof (*CAF*), Sijtze Kingma (*KFRS*), Andries Osinga (foarsitter fan de *Provinciale Raad voor Bedrijfsontwikkeling in de Landbouw in Friesland* én it *KFRS*, en oan de widze fan it lânbou-elektrifikaasjefûns stien), Rommert Politiek (Wageningen Universiteit), Jacob Ritzema van Ikema (Kondinsfabryk), Pieter Scheer (*Bûn fan KI-ferieningen*) of – wer in oar skift – ferneamde feefokkers as Minne Blanksma út Skalsum, Boyen Pieter de Boer fan Stiens, Ymte Bootsma fan Loaiŋgea, Sjoerd Brandsma fan Lekkum – syn bolle Blitsaerd Keimpe stiet op side 313 – , heit Simon Ates en de bruorren Dirk en Klaas Knol fan Hartwerd – it eigenaardige lemma 'Adema, fokstal' is opnommen, mar dat moat Fokstal Knol wêze – of Theun Oostenbrug fan Froubuorren, binne de *NEF*-redaksje ûntkommen. Dy hienen mei likefolle rjocht en



reden opnommen wurde moatten as dy't der wol yn steane. Wêrom is dat net bard? Gewoanwei oer de holle sjoen of mooglik neffens it oardiel fan de redaksje dochs krekt wat minder ferneamd? It histoarysk tydskrift *Fryslân* hat der nammers yn 2011 dochs in moai temanûmer oan wijd. It al of net opnimmen makket dúdlik dat de betingsten fan berte en 'palmares' de seleksje net goed stjoerd hawwe. De *Wikipedy* docht it trouwens net better mei it fan boppeneamd rychje allinne opnimmen fan Kai Bouma, Jan Kuperus en Ritzema van Ikema. Allinne as immen yn de *Wikipedy* stiet, lykas bygelyks it lemma oer Kai Bouma sjen lit, is it oersjoch fan ferfolle funksjes krekt wat better as yn de NEF.

Lit ús noch inkelde lju fan bûten de lânbou neame. Wêrom wol Rendert Algra, fakhûnsbestjoerder en earder CDA-politikus opnimme, mar Mieke Andela-Baur, ek CDA-politika, mar mei in hiel wat gruttere steat fan tsjinst, ferjitte? Wêrom de deputearren Lieuwe Eringa en Douwe van der Til opnimme, mar de kollega's Siem Jansen, Jaap Mulder en Frans Steijvers oerslaan? En wêr binne Akke Brandenburg, Mony Brandsma en Hannie Bruinsma bedarre? En dat wylst har kollega Kobus Walsma in 'Ervaren bestuurder' neamd wurdt. Sels syn kollega Jan Spiekhout kriget dy kwalifikaasje net mei. Wêrom is Herman de Witte, hikke en tein yn Harns, net neamd? As minister en boargemaster fan Eindhoven it neamen dochs wurdich. De Snitser âld-boargemasters Apotheker, Brok en Van Haersma Buma steane yn de NEF, mar har kollega's Siebolt Hartkamp en Ludolf Rasterhof wienen blykber it neamen net wurdich. Sokke omisjes litte sjen, dat de seleksje fan persoanen net konsistint útfierd is. Fansels, net elke boargemaster nei 1958 hat in plakje yn de NEF fertsjinne, mar foar it neamen fan de boargemasters fan de fjouwer grutste Fryske gemeenten is dochs wat te sizzen. En as de iene wol neamd wurdt, ferget de neistribbe folsleinens ek it neamen fan de oare. It stikje oer de 'Burgemeester' bliuwt beheind ta in inkelde opmerking oer it ferline, mar giet hielendal foarby oan de aktuele feroaringen yn en mei dat amt en fertelt likemin wat oer de beneamingspraktyk yn it Fryslân fan nei de oarloch, dêr't yn 2013 noch oer publisearre is. In apart skift fan fallen boargemasters – Loekie van Maaren-van Baalen, Ype Rodenhuis, Thea de Roos-van Rooden of Bert Smallenbroek – hie sels mooglik west. Wa't wol in lemma krigen hat, is de Dokkumer boargemaster Sybren van Tuinen, mar dy syn foarstap, doe't er boargemaster fan Kampen wie, ta bygelyks de *IJsselacademie* en oare ynstellingen wurdt net opmurken. Bearn Bilker, boargemaster fan Kollumerlân c.a., mar ek kenner fan en prater oer keningshûzen c.a. stiet der net yn, wylst Hetty Hafkamp, boargemaster fan Bergen NH, Marga Waanders (Dongeradiel) en Hans Idskes de Haan (Borculo, Harns en Den Helder) der wol yn

steane. Dat skreaun wurdt, dat Hafkamp de ‘afgelopen jaren veel in landelijke publiciteit [was] vanwege (opzettelijke) duinbranden die haar kustgemeente teisterden’, is fansels in geweldige opstekker, dêr’t Bilker yn it Kollumerlân sûnder kusten nea tsjin op kin.

En mei it each op de feroare posysje c.q. it tanommen belang fan de wethâlder, is it ek frjemd, dat dy funksjonaris gjin lemma krigen hat, wylst dêr dochs ek de nedige literatuer oer foar hannen is. Like frjemd is, dat Annemarie van Gelder, ‘Politica voor de Partij van de Dieren’ in lemma kriget, mar Rita van Gelder, dy’t tolve jier PvdA-wethâlder fan It Hearrenfean wie, net. Ypke Gietema, de Grinzer wethâlder fan dyselde partij en opgroeid yn Koarnjum, stiet der yn. Mar fan Kees Jongasma, boer en dichter, wurdt syn riedslid- en wethâlderskip yn Lemsterlân ferjitten te neamen. De niisneamde bestjoerder Kobus Walsma treft it wakker mei in positive kwalifikaasje fan syn keunsten; Pauline Krikke, berne yn Snits, ûnder mear boargemaster west fan Arnhem en no fan De Haach, mar neat foar Fryslân út ‘e wei set, krijt yn it koarte artikel twaris in traap nei fan de NEF-redaksje, troch te melden dat hja in ‘blauwe maandag rechten [studeerde]’ en ‘[n]iet altijd gelukkig’ wie yn de funksje fan boargemaster. Krikke is nammers net de iennige persoan dy’t op sa’n wize hifke wurdt. Yn in ensyklopedy mei wittenskiplike pretinsjes kin soks fansels net!

Hoe sit it fierder mei de net-politisy? Wêrom wol Joke Corporaal of Bastiaan van der Velden, beiden mei mar ien boekpublikaasje op har namme, opnimme, en Marcel Broersma – dy’t in wiidweidich lemma oer de *Leeuwarder Courant* bydroegen hat, dat lykwols de aktualiteit fan besunigingen en nije konkurrinten lizze lit – mei in hiel ferskaat fan publikaasjes net neame? Wêrom Pieter Anne Jongasma, dy’t yn 1933 in proefskrift oer Joast Halbertsma ferdigene, of Wytze L. Brandsma dy’t trije jier nei Jongasma promovearre op it tiidwurd by Gysbert Japiks, út it ferjittersboek helle? Of Ad Cameron, dy’t alris yn it Natuermuseum eksposearre hat; Frans Walon, dy’t yn Ljouwert berne is en in oplieding folge, mar Jelske Dijkstra, dy’t yn 2013 promovearre op in proefskrift oer it grutwurden yn it Frysk en Hollânsk, of Bouwe Oosten, dy’t yn 1947 in proefskrift oer de Grutte Feanpolder yn Weststellingwerf ferdigene hat, net? Wêrom Bernie van Ruijven oerslaan, wylst dy yn 2004 in wichtich proefskrift oer ûnderwiisefektiviteit yn Fryslân publisearre? As it om ‘Friestalig onderwijs, onderzoek’ giet, wurde de ûndersiken fan Dijkstra en Van Ruijven ek net neamd.

Wêrom heechlearaar Theo Spek, mei amper in relaasje ta Fryslân, opnimme en oan syn, foar Fryslân wichtiger, kollega-histoarysk-geograaf, Jacob van der Vaart, foarby gean? Wat moatte Cor van Bree (jawis,

hy hat oer it Stedfrysk skreaun, mar dat wurdt net neamd), Pieter Burggraaff jr. of Sipke Jan Bousema yn de NEF? En, op in oar mêd, wat binne de fertsjinsten en prestaasjes fan arsjitekt Nynke-Rixt Jukema of har kollega Peter Walon om in plakje yn de NEF te rjochtfeardigjen? Tsjerkehistoarikus Anne Jippe Visser kriget dêrfoaroer gjin inkeld omtinken. De konklúzje kin net oars wêze, as dat der gjin tou oan fêst te knoopen is, wa't en wat wól en wa't en wat nét neamd wurdt.

Wêrom wurde ûnder it trefwurd 'Architectenbureaus' fjouwer fan dy buro's trouwens as 'geïnspireerd' kwalifisearre? Wat hâldt sa'n etyske kwalifikaasje yn en wêrom wurdt Nynke-Rixt net 'geïnspireerd' neamd? Like frjemd is, dat allinne it tydskrift *For Hûs en Hiem* in plakje krigen hat, mar dat de organisaasje foar wolstânstafersjoch fan dy namme – oprjochte yn 1925 – gjin omtinken kriget. It is ek eigenaardich, dat ûnder it kopke boukeunst hielendal oan de hjoeddeiske pleatsebou yn Fryslân foarbyggen wurdt. It lemma oer de 'Boerderij' giet allinne oer de histoaryske ûntjouwing fan de pleats. En ûnder it lemma 'Ligboxenstal' – giet it yn dat gefal mooglik net om in 'boerderij'? – wurdt de hjoeddeiske pleats beskreaun, mar sûnder wat te sizzen oer de talsmjittige ûntjouwing fan dy nije pleats en sûnder wat te sizzen oer de gefolgen fan alle feroaringen foar it Fryske lânskip, miljeu en oansjen. Neat oer it op 'e nij brûken fan wat earder pleatsen mei buorkerij wienen. Lokkich wurdt pleatseûndersiker Klaas Uilkema net ferjitten. Mar wa't wol ferjitten wurdt, is Lijkele Miedema, de warbere Winsumer ûndernimmer, dy't ein jierren tritich it fûnemint lei foar 'Miedema, Wagenbouw Winsum', sa't it trefwurd is. Dat trefwurd is net al te ynformatyf en nimt de omisje oangeande de persoan Lijkele Miedema, dy't hiel wat méar út de wei set hat as allinne it meitsjen fan lânbouweinen, net wei. Miedema hie yn it tredde diel heard!

Dat bringt ús by oare ûndernimmers en ûndernimmingen. Under 'Groothandel/Grossierderij' gjin omtinken foar de eardere grossiers-famyljes en -bedriuwen, lykas Sipkes yn Dokkum, Fred van der Werff fan De Jouwer of de Ykema's yn Aldeboarn. Immen as de Dokkumer Wim van der Gang 1923-1992, dy't neamd wurdt ûnder it lemma 'Bitri' hie in eigen lemma hawwe moatten. Net allinne fanwegen de NV Nederlandse Scooterfabriek, mar net minder om syn ynnovative sigarette-automaten. Ulbe Twijnstra – 'de weldoener van Akkrum' – wurdt net neamd, mar de fabriken fan Twijnstra wurde ûnder it lemma 'Veevoeder- en Meelfabrieken' al neamd. Andries Gaastra wurdt allinne ûnder it lemma 'Batavus' neamd. Sibrandahûster Pier Prins wurdt net neamd, syn bedriuw 'Prins' wol, mar der wurdt net skreaun dat it yn it earst om it meitsjen fan lânbou-ark en -reau gie. VOLMA op 'e Gordyk en yn Grou wurdt ek neamd ('Zuivelwerktuigenindustrie'),

mar it kennefabryk fan De Jong op 'e Gordyk wurdt dan wer oerslein. Itselde jildt foar in âld en ferneamd bedriuw as dat fan *Spanninga Metaal* (1918) op 'e Jouwer. En wêrom allinne Carrosseriebou *Smit* en bygelyks net Carrosseriebou *Visser* (1910) te Ljouwert neame? Dy stiet lykwols, likemin as *Heiwo* (1926) te Wolvegea, net yn it listje mei karrosserybouwers op de *Wikipedia*! Hainje op It Hearrenfean wurdt apart neamd, mar net as Carrosseriebou Hainje. It lemma oer dat bedriuw is boppedat ûnfolslein, want der stiet net yn dat Hainje al hast tweintich jier in VDL-bedriuw is. Mar dat kin men op de *Wikipedia* lêze. *Faber Haarden* – fan 1844 – earst yn Frjentsjer, doe Ljouwert en no op It Hearrenfean, wurdt net neamd. Mar dan wol wer in apart lemma en in grutte foto oer it Ljouwerter fytsefabryk *Phoenix*. En fan de widdo Joustra har bearenburch wurdt ûnder it lemma 'Beerenburg' sein, dat dy 'nog steeds zelfstandig opererend' is, wylst dat al lang net mear it gefal is. As yn dat artikel no ferwiisd wie nei it wol hiel apart opboude lemma 'Joustra, weduwe, Beerenburg', dan hienen wy ek noch wat mear gewaar wurde kinnen oer de widdo. De froulju Westra fan Wâldsein en Gerard Brons op 'e Gordyk, mei in selde produkt warber, binne it neamen net wurdich. Sok fuortlitten, ferjitten of oerslaan fan bedriuwen en ûndernimmers, stekt skril ôf tsjin it neamen fan Jeltje Baas, Machteld van Buren of Egge Knol en al dy amateur-argeologen en -biologen en net boppe immen oars útstekkende byldzjend keunstners, om mar te swijen fan *Into the Grave* en *Dancetour*, dy't wol neamd wurde. Mar leafst acht trefwurden op 'steilkantenonderzoek' bedjerre mei-elkoar it lêzen fan de NEF. Mar it kin noch mâlder. Op de siden 2002 oant en mei 2026 krijt de argeology omtinken yn artikels oer opgravingen yn ûnderskate plakken. De rige fan 55 artikels start mei 'Opgraving'. De alfabetyske oardering fan dy rige is yn trewyn, trochdat de lemma's oardere binne op it plak fan opgraving, wylst de lemma's iepenje mei 'Opgraving ...', 'Opgravingen ...', 'Opgravingen bij ...' of 'Opgraving(en)...'. Sa stiet bygelyks it lemma 'Opgravingen Hempens-Teerns' foar 'Opgraving Hempens/N31 (Wâldwei)'. It aparte is, dat de rige oer opgravingen ôfslút mei de lemma's 'Opgraving/steilkantenonderzoek Jelsum' en 'Opgraving/steilkantenonderzoek Peins', wylst op de siden 2525-2527 it steilkanteûndersyk fan in tal plakken omtinken krijt. It sykje yn de NEF wurdt der sa perfoarst net ienfâldiger op. En, it wurdt noch lestiger om de goede opgraving yn ien kear te finen, omdat de NEF net konsekwint omgiet mei de offisjele plaknammen. Sa kin men bygelyks de opgraving by 'Scharnegoutum' misse, omdat dêr, oars as by it lemma 'Scharnegoutum-Skearnegoutum', keazen is foar de net-offisjele Fryske namme Skearnegoutum, en de opgraving by de Burgumermar hat as yn-gong de namme 'Opgraving Burgumermeer/Burgumermar S64' meikrige,

wylst it stik oer dy opgraving wol op it alfabetyske plak fan Burgumermar stiet. Fyn mar ris wat men siket! As de redaksje der echt wat moais fan meitsje wollen hie, dan hie ien wiidweidich artikel oer de opgravingen mei in skematysk oersjoch fan de ôfsûnderlike opgravingen de baas west. Dan hie de brûker fan de NEF der echt wat oan hân. No binne lykwicht en konsistinsje, dy't om mear as ien reden yn in ensyklopedy nedich binne, fier te sykjen.

De trefwurderige dy't begjint mei Fries(ch)e – fan 'FriesArchiefNet' oant en mei 'Friese Woudenomloop' – jout hiel wat te lêzen, mar mist – hiel opmerklik – it trefwurd 'Friese taal'. Mooglik hat dy omisje te krijen mei de yn it foaropwurd diene konstataarring, as soe 'de oudste cultuurtaal van Nederland', foar it eigene fan it hjoeddeiske Fryslân fan in selde belang wêze as it fierljeppen, hurdsilen, keatsen en reedriden! Dat sizzen strykt net rjocht mei de realiteit, sa't ek ûnderskate ûndersyksútkomsten sjen litte. It is fansels frjemd, dat yn in ensyklopedy fan Fryslân it trefwurd 'Taal' mist, mar wol in treflik stik oer 'Stellingwerfs' hat. Wat it Frysk oangiet, dat is ferparte oer lemma's as 'Fries in de media', 'Friese-Taalwet', 'Fries, taallandschap', 'Taalgeschiedenis', 'Taalkundig onderzoek' of 'Woordenboeken'. Under dat lêste lemma mist trouwens it yn 2000 útbrochte *Nederlands-Fries Juridisch Woordenboek* – dêrfoar moat men, net sa handich, nei it trefwurd 'Fries in het openbaar bestuur' – en is yn 1934 al praat fan in Akademy-wurdboek, wylst de FA earst fan 1938 is. Yn itselde stik wurdt sein dat de FA nei syn oprjochting de ferantwurdlikens op him naam om de Fryske wurdboeken gear te stallen. Dat sizzen giet foarby oan de wurdboeken dy't bûten de Akademy om, bygelyks yn de *Prisma*-rige en it *Frysk Skoalwurdboek*, ferskynd binne. Neffens de NEF is in grut Hylper wurdboek yn tarieding, mar in grut Amelanner en in grut Biltsk wurdboek hienen ek neamd wurde moatten, as de ensyklopedy syn eigen pretinsjes wiermakke hie.

It stik oer 'Fries, taallandschap' bringt in ferskaat fan aspekten nei foaren, mar it Frysk yn it iepenbier bestjoer wurdt dan wer mei in eigen lemma behannele. Winliken is dat net sa handich. Under it kopke 'Wetenschap' – in selsstannich lemma 'Wetenschap' mist spitigernôch – siket men om 'e nocht om Jacob Botke syn *De gritenij Dantumadiel* (1932) of Cees Verhaar syn proefskrift fan 1997: *Achtkarspeler JWG-ers en in streekeigen kultuer*. Itselde jildt foar Nanne Postema syn nijsgjirrige stúdzje *Om 'e wivedei hinne* fan 1984. It is werklik in tekoart dat oan syn boek en it dêryn behannele ûnderwerp hielendal foarbygien is. Like slim is, dat der neat sein wurdt oer it trouwen. It aardige Nederlânsktalige boek *Bruiloft in Friesland* (1989) fan Antina Oppenhuizen is dochs net om 'e nocht útbrocht?

As it om it Frysk yn de media giet, wurdt sein dat *Omrop Fryslân* altiten 'live' en yn it Frysk ferslach docht fan de wedstriden fan *SC Cambuur* en *SC Heerenveen*, 'ook als 's avonds wordt gespeeld'. Wat moat men út sok sizzen opmeitsje? Dat yn it Frysk ferslach dwaan foar de *Omrop* jûns mooglik noch dreger is as deis al it gefal is? Yn itselde stik stiet: 'De nieuws- en weekbladen in de provincie, die door de NDC Mediagroep worden uitgegeven [...] zijn bijna volledig Nederlandstalig'. Sa'n redaksje betsjut dat alle nijs- en wykblêden yn Fryslân troch de NDC Mediagroep útjûn wurde. Safier is it lykwols noch net. Under itselde lemma kin ek lêzen wurde, dat de *Sneinspetiele* de wykeinbylage fan it *Friesch Dagblad* is; sûnt 30 maaie 2015 is de namme lykwols *Wykein*. It tydskrift *Heit en Mem* soe ornearre wêze foar âlden dy't de bern fan o oant 12 jier yn it 'Fries en Nederlands opvoeden'. Dat soe in wol hiel lytse doelgroep wêze. It tydskrift hat it sels dan ek oer in 'tweetalig tijdschrift' bedoeld om '(toekomstige) ouders bewust te maken van de kansen van meertalige ontwikkeling en om ze te stimuleren hun kinderen meertalig op te voeden. *Heit en Mem* wil (toekomstige) ouders stimuleren om meer Fries te lezen én voor te lezen'. Frjemd is it, dat gjin inkelde doarpskrante neamd wurdt, likemin as *Letterhoeke* en *Ut de Smidte*, de periodiken fan resp. TRESOAR en de FA. Fan de lêste organisaasje wurdt *It Beaken* wol neamd, mar it kloppet net dat alle stipers fan de FA *It Beaken* krije. It giet om lju dy't abonnee binne. En oer 'Moanne, De' (sic) wurdt opmurken dat '[e]n deel van de inhoud [...] ook op internet [verschijnt]'. Mar dat jildt ek oarsom. Net alles wat yn de ynternetferzje ferskynt, wurdt ek op papier publisearre.

Under de alfabetysk net goed oardere yngong 'Fries in het openbaar bestuur' mist de Frysktalige namme fan de gemeente 'De Fryske Marren', dêr't de gemeenteried op 23 april 2014 ta besluten hat, lykas de Wikipedia wit te melden. De plakken en plaknammen binne, sa't hjirfoar ek al dúdlik waard, net it maklikste sjapiter. Sa wurdt fan Broeksterwâld sein, dat it oant 1964 in buorskip fan Ikkerwâld west hat. Dat kloppet net, want it eastlike part fan Broeksterwâld hearde earder ta Moarmwâld en it meast westlike part hearde by De Geast. Frjemd is it ek, dat de NEF sawol Ikkerwâld as Akkerwoude as ferwiislemma's brûkt. Offisjeel hat Ikkerwâld nea bestien, ek net no't de gemeente Dantumadiel offisjeel Frysktalige plaknammen hat. Mar de NEF brûkt, oars as yn it gefal fan Akkerwoude en Ikkerwâld, allinne Moarmwâld as ferwiislemma. Under 'Aalsum-Ealsum' wurdt de buorskip Sijbrandahuis neamd, mar yn de list fan 'Buurschappen' wurdt de buorskip as Sibrandahuis skreaun. It ferwiislemma 'Sibrandahûs' stjoert de lêzer nei 'Hinnaard', mar de buorskip wurdt dêr fansels net neamd. By de foto op side 36 'Gezicht op de kerk van Aalsum vanuit het noordoosten' sil de lêzer dy't de tsjerke

fan Ealsum net ken, de relaasje lizze mei de tekst dy't nei de foto komt en mooglik tinke dat it om in byld fan de tsjerke fan it kleaster oan de Boarn giet. It ferwiislemma 'Healbird', dat moat nammers 'Hjelburd' wêze, ferwiist nei Aldtsjerk. Dat kloppet net, want it Hjelburd falt ûnder Readtsjerk yn Dantumadiel. Under 'Aldtsjerk' stiet, oars as it ferwiislemma suggerearret, lykwols neat oer it Hjelburd, mar it stiet dus terjochte wol ûnder it lemma 'Readtsjerk'. Under 'Readtsjerk - Roodkerk' wurdt mei rjocht en reden ek de buorskip Weerburen neamd. Yndied, dat moat Wearbuorren wêze, sa't it lemma 'Aldtsjerk' skriuwt.

Autobiografyen as *Doctor Jan* (1976) fan Jan Siebenga, *Wat ik nog zeggen wilde* (1985) fan Jaap Boersma, *Nei sawntich jier* (1949) fan Geert Wumkes of *Mijn werk/mijn leven* (1970) fan Hendrik Algra wurde net ûnder it lemma 'Biografie' opmurken. De oanbelangjende persoanslemma's, útsein dy oer Jan Siebenga, waans dissertaasje út 1938 as útsûndering op de regel ek net neamd wurdt, neame de oanbelangjende boeken wol. Mar op syn minst hie der ferwiisd wurde moatten. No bliuwt de siker om biografysk wurk feralterarre efter. Wy kinne ús sels yntinke, dat it autobiografyske *Anders nog iets?* (2001) fan Tony van der Meulen, mei syn moai ynkykje yn de Jouster middenstân fan de jierren fyftich, op dit plak neamd wie. En autobiografyske boeken as *mei abraham fûstkje* (1969) fan Anne Wadman, *Tin iis* (1981) fan Tiny Mulder of *In fatsoenlik famke* (1984) fan Ypk fan der Fear hienen ûnder ditselde lemma dochs neamd wurde moatten? Fan Hendrik Algra wurdt ûnder it eigen lemma sein dat er yn de jierren 1935-1970 haadredakteur fan it *Friesch Dagblad* west hat, mar by it lemma 'Friesch Dagblad' wurdt – ferkeard – it jiertal 1977 neamd.

Hawar, besprekkers binne gjin korrektors en wy kinne en hoege net op alle slakken sâlt te lizzen. It is begrutlik, mar der is fiersten tefolle om op dit plak en yn dit stik te neamen.

Is it al frjemd, dat in yngong 'Friese taal' mist, ek it lemma 'Friese cultuur' mist en is yn de NEF allinne werom te finen as 'Friese cultuur (archeologisch)'. Dat is in bot eigenardige beheining en hat fierders net folle doel, om't tefolle argeologyske saken c.a. ûnder ôfsûnderlike trefwurden yn de NEF opnommen binne. Antikwariaten en galeryen hearre grif ta de Fryske kultuer, mar de respektyflike lemma's binne wakker ûnfolslein. It hat der in soad fan dat de skriuwers net fierder as Ljouwert sjoen hawwe. It Frysktalich ûnderwiis hat in skoandere beskriuwing krigen, mar dêrfoar bestiet it lemma 'Commissaris van de Koning (CdK)' út it twaris opneamen fan de kommissarissen dy't Fryslân sûnt 1814 hân hat. Fan de earste wurdt yn it oersjoch trouwens syn foarnamme Idsert

fuortlitten en de nei-oarlochske waarnimmer Haan, dy't net yn de tekst neamd wurdt, hat allinne syn inisjalen meikrigen. It wie blykber te dreech om út te finen dat it om Antoni Wilhelmus giet. Yn de list fan auteurs sjocht men ek praktysk elk mei de foarnamme neamd, mar likegoed in inkeldenien mei allinne inisjalen. Wêrom net allegearre op deselde wize? En by de brûkte ôfkoartingen fan auteursnammen is it lestich om de dêrby hearrende auteur te finen. Soks hie by in alfabetysk oersjoch fan brûkte ôfkoartingen makliker west. Histoarikus en Aldfrisist Oebele Vries hat de riedseleftige inisjalen oHV meikrige, en guon fan syn bydragen binne ek sa ûndertekene. Mar, oaren fan syn hân, lykas 'Fries Instituut' en 'Gerbenzon', hawwe de letters ov meikrige. De brûker fan de NEF kin yn it earste diel net gewaar wurde wat auteursnamme oft oan dy ôfkoarting keppele is. Fierders stiet HBR ûnder yn alle gefallen ien fan de artikels neamd, mar dy stiet wer net yn it oersjoch, of it moat mooglik HBR wêze. Sokke lytse tekoarten binne fansels net echt slim, lykas bygelyks it ferkearde bertejier fan Heinze Bakker noch hinnebrue mei, of dat Crackstate op It Hearrenfean twaris as gemeentehûs fan Ængwirden opfierd wurdt, wylst it dat nea west hat, mar dat de taalsosjologyske betsjutting fan Lieuwe Pietersen syn gerak net kriget, is fansels fan in oare oarder.

En dan ta beslút it lemma oer Reinder Brolsma. Om't de *Wikipedy* dat lemma ek hat, kin der ferlike wurde. Beide stikken hawwe in moaie foto fan de skriuwer en ek in oersjoch fan syn wurk. Dat is yn de NEF beheind ta mar fjouwer fan syn boeken. De *Wikipedy* lykwols, jout in oersjoch fan al syn wurk. Yn beide stikken wurdt de Harmen Sytstrapriis foar Brolsma neamd, mar de *Wikipedy* giet fierder mei it neamen fan ek syn fierdere wurk yn de oarloch. Yn de NEF kin men lêze, dat Brolsma 'gekweld door zwaarmoedigheid en zorgen' ôfskied fan it libben naam. De *Wikipedy* is hiel wat dúdliker, troch witte te litten dat de skriuwer him yn it Van Harinxmakanaal sels ferdronk. En der wurdt in relaasje lein mei de gefolgen fan syn hâlden en dragen yn de oarloch. Yn de *Wikipedy* wurdt, oars as yn de NEF, dúdlik makke, dat de skriuwers Uilke en Uilke Hessel Brolsma respektiflik soan en pakesizzer fan Reinder Brolsma binne. En fan Reinder Brolsma wurdt yn de NEF fierders opmurken, dat er 'een meester is op het wapen van de boerenroman', mar dat it mooglik is, dat er dat sjenre 'vooral uit winstbejag' beoefene hat. Dat is in opmerkelijke konklúzje, om't dêrfoar net sûnder rjocht en reden skreaun wurdt, dat Brolsma as 'huisschilder in de wintermaanden weinig [verdiende]' en 'om zijn inkomen aan te vullen' sketsen en fûljetons foar literêre tydskriften 'van die tijd' (sic) skreau. Dat is wol hiel wat oars as winst meitsje. En dat er ek as sjoernalist syn brea fertsjinne hat, wurdt net opmurken. Us konklúzje is, dat de *Wikipedy* it op dit punt fan de NEF wint. Mooglik



hat soks dochts foaral te krijen mei de romtlike beheining dy't eigen is oan in papieren útjefte, wylst de *Wikipedy* dêr gjin lêst fan liket te hawwen.

Us konklúzje liicht der net om. De NEF foldocht ûnfoldwaande oan de easken dy't steld wurde meie. Feitlik slagget de NEF der net yn om in sa folslein mooglik, eigentiidsk en betrouber, byld te jaan fan alle fasetten fan Fryslân, syn ferline, maatskippij en bewenners. Dat komt mei, om't de seleksje fan de lemma's net konsistint dien is, en sadwaande hiel wat fragen opropt.

### *Foarm*

De fjouwer mânske dielen – neffens it foaropwurld in 'statussymbol in de kast' – telle mei-elkoar mar leafst 3.152 siden, en 10.600 trefwurden op likefolle ûnderwerpen en persoanen. Dêrfan hawwe 8.300 in beskate beskriuwing en 2.500, sa stiet yn it foaropwurld beskreaun, ferwize nei in oar lemma. Jen haadredakteur, njoggen dielfjildredakteuren, in byldredakteur en goed twahûndert redakteuren hawwe it mânske wurk foar har rekken nommen. Wie de foarstap ta de ensyklopedy al in oangelegenheid fan foaral – âldere – manlju, ek it meitsjen fan de ensyklopedy hat in manljussaak west. Sawat 90 prosint fan de redaksje is man en dêrfan is ek nochris sawat 40 prosint al út it eardere wurk. Dat it hat der suver wat fan dat de NEF foaral in saak fan benammen âlde manlju is. Fansels, der mei net op âldens diskriminearre wurde, mar de âldensopbou fan de gearstallers liket gefolgen foar de ynhâld en opset te hawwen. Men soe sels de fraach stelle kinne oft in ploech jonge froulju en manlju dy't noch midden yn it wurk steane, ea de foarstap ta sa'n dreech te hantearjen swier boekwurk nimme soenen. Want hânsum kin it boek, sa't haadredakteur Meindert Schroor ha wol dat 'ergonomisch, dus rekening houdend met de fysieke eigenschappen van de mens, letterlijk in de hand of op tafel [ligt]' slim neamd wurde. Sa'n papieren en swier neislachwurk kin it wat gemak oanbelanget net heal winne fan it hjoeddeiske gûcheljen. En it argumint om it boek as statussymbol yn de kast te setten, is ek al fan in oare tiid. In boekekast ferheget jins status net mear en is yn de hjoeddeiske húshâlding ek al lang ferkrongen troch *iPad*, *laptop* en *smartphone*.

Nimt net wei dat de boeken in eigentiidske foarmjouwing krigen hawwe. Yn alle gefallen sjocht de NEF der hiel oars út as de *Encyclopedie van Friesland* fan 1958. As men de twa útjeften mei-elkoar ferliket, soe men suver tinke kinne dat it papier yn 1958 noch krap wie, sa koart nei de oarloch. Mooglik sprekt de nije útjefte jongere generaasjes mear oan as de foarmjouwing en opmaak fan de *Elsevier*-útjefte fan sawat sechstich jier ferlyn. Tiden hawwe tiden, mar om no te sizzen dat elke fernijing ek in ferbettering is, dat giet krekt wat te fier. Sa hat de NEF wol in hiel

soad wyt papier nedich en dat hat bygelyks te krijen mei't gâns lytsere lemma's mar ien kolom fan de beskikbere twa kolommen brûke.

Foar it neamen fan literatuer by persoanen is keazen foar in yn tiid oprinnend opneamen. Mar literatuerferwizingen binne dêrfoaroer yn tiid ôfrinnend. Allinne, dat wurdt net konsekwint tapast en dat is winliken lestich. En sa rint men tsjin allerhanne lytse ûnkrachtichheden oan. By 'Aangium, Sibe van' wurdt trochferwiisd nei 'Steen, Hendrik Gerrits'. Mei oare wurden, it pseudonym wurdt trochferwiisd. Mar dy oanpak wurdt net oeral folge. Wa't om Marten Sikkema siket, kriget nul op it rekest. Mar by 'Gezelle Meerburg, G.A. (Govert Alettinus)' wurdt Marten Sikkema wól neamd. Der is ek in lemma 'Gezelle Meerburg, Babs (Barbara Akke)'. Wêrom hjir Babs en net B.A.? Of wêrom G.A. en gjin Govert? By dyselde Babs Gezelle Meerburg wurdt, mei in trochferwizing, opmurken: 'Dochter van Govert Gezelle Meerburg'. It dúdlik meitsjen fan de famyljerelaasje sjogge wy ek by Doutzen Kroes en foar in part Anne en Jan Popkema, mar bygelyks net by Bouke en Harm Oldenhof. Wêrom binne de famyljerelaasjes net konsekwint werjûn of neilitten? Datselde missen fan konsekwintens spilet by it neamen fan beskate funksjes. Yn it iene gefal wurdt sein dat de oanbelangjende persoan einredakteur west hat fan it *Wurdboek fan de Fryske Taal* (dat foutyf as *Woordenboek van de Friese taal* neamd stiet, wylst it giet om *Wurdboek fan de Fryske taal/Woordenboek der Friese taal*), mar by immen oars wurdt dy funksje dan wer net neamd. Yn it iene gefal is it bestjoerslidmaatskip fan it Frysk Genoatskip it neamen wurdich, mar yn it oare gefal wurdt dat krekt net neamd. Soks helpt de folsleinens net earlik. En wa siket winliken op Dútsktalige lemma's lykas 'Gefolgschaft' en 'Zwölfte'?

Der is in hiel tal ferwizingen sûnder it byhearrende hantsje. Dy ferwizingen ferwize dus net. Lemma's as 'Bintje', 'Bildtstar' en 'Friesland' ferwize nei it trefwurd 'Aardappelteelt', mar komme dêr net werom. De earste is wol werom te finen ûnder 'Aardappelrassen', mar ek dêr misse de beide oare. Tagelyk binne der ek ferwiisartikels dy't nei mear as ien lemma ferwize en dan wurdt dat artikel hieltiten werhelle. Soks hie folle better en effisjinter, kinnen troch tusken de ferwiislemma's in komma te setten. De offisjele namme fan it Frysk hynstestamboek is 'Koninklijk Friesch Paarden-Stamboek (KFPS)'. De NEF hat lykwols as lemma 'Friesch Paarden-Stamboek (KFPS)'. Earst yn de tekst kin men lêze dat de K foar 'Koninklijk' stiet. Wêrom wurde de offisjele eigennammen net as lemmatitels brûkt? Yn it lemma 'Fries Rundvee Stamboek' wurdt de keninklike status hielendal net neamd – dat jildt ek foar it Fries Rundvee Syndicaat, dat mei deselde inisjalen as it FRS it predikaat 'Koninklijk' nei de fúzje fan stamboek en de ki-ferieningen hâlde mocht. En by

it lemma oer it Frysk Genoatskip wurdt it suver noch mâlder, want yn dat gefal giet it oer 'Fries Genootschap voor Geschiedenis en Cultuur, Koninklijk'. Mar dan ynienen wurdt, op in missend streekje nei 'Kaas' nei, wól korrekt neamd, de 'Koninklijke Nederlandsche Maatschappij van Kaas en Roomboterfabrieken (K.N.M.)'. It lemma oer soarchfersekerder De Friesland is notabene 'Friesland, De, zorgverzekeraar'. Soks is frjemd, men siket dochs op de eigennamme en dy is 'De Friesland'. En tagelyk is der grif nimmen dy't op 'Grote grazers' siket, nee men siket op 'Grazers'. Hoe fynt men wat oer de Fryske boezem? 'Friese boezem' ferwiist troch nei 'Boezem'. Blykber wie yn dat gefal 'Boezem, Frieze' gjin opsje. Suver fermaaklik is it lemma 'Jong, Jikke (Jitske) de (de Vries-)', mar yn it gefal fan 'Boersma U.J.', mei in ferwizing nei 'Rijpma-Boersma, Ulkje', litte de makkers dochs sjen, dat se ek wol better witte.

Neffens de ynliding wurdt 'een zeer groot aantal van gemeenten, steden en dorpen' (s. 14<sup>a</sup>) jûn. Dat betsjut, dat net alle gemeenten, stêden en doarpen yn de NEF opnommen binne. Op it earste gesicht binne alle gemeenten c.a. opnommen, mar as der selektarre is, is de fraach hoe. Om de plaknammen goed fine te kinnen, moat de brûker krekt witte hokker oft offisjeel Frysktalich en hokker oft offisjeel Nederlânsktalich fêststeld is, want der binne gjin ferwiisartikels oer en wer makke: Oudkerk, Aldwâld, Hardegarijp, Oldeboorn binne net te finen, men moat sykje op de offisjeel fêststelde nammen. Beide foarmen wurde wol opnaam, dat it is krekt wat minder handich dat it njonkenlemma net hieltyd in ferwiisartikel krigen hat. Stel immen siket om Beetgum, mar dat is net te finen, wol stiet it lemma 'Beetgumer Hogedijk' deryn, dat de siker moat de konklúzje wol lûke dat Beetgum hielendal net as doarpslemma opnaam is. Jawis, it is fansels Bitgum.

Yn it lemma oer de FA wurdt de Noardelijke Leergangen neamd, mar net trochferwiisd. Dat is ek net nedich, mar der is wol in ferwiisartikel 'Noordelijke Leergangen' dat trochferwiist nei 'NHL Hogeschool'. Lykwols, 'NHL Hogeschool' bestiet net. Nei wat trochsykjen fynt men lykwols wol 'Noordelijke Hogeschool Leeuwarden'. Allinne nei trochsykjen, want it artikel stiet net alfabetysk yn it boek: it stiet op side 1936, nei 'Noorderlicht, fotomanifestatie' en foar 'Noordhoek'. Hat it artikel earst, nei de alfabetyske oarderingslach mooglik 'Noorderlijke Hogeschool Leeuwarden' hiten? It aparte is, dat yn it artikel de 'Noordelijke Leergangen' net neamd wurde, dat de funksje fan it ferwiisartikel is folslein ûndúdlik. Frjemd is ek dat it lemma 'Noordelijke Hogeschool Leeuwarden' is, en dat it yn de twadde sin fan dat lemma oer NHL Hogeschool giet. En lit dat no krekt sûnt 2009 de offisjele namme fan dy skoalle wêze en net wat de earste sin en de titel

fan it lemma sizzel De *Wikipedy* seit it krekt sa't it is. En om dat te finen, is krekt wat minder dreech as yn de NEF!

'Waar in de beschrijving personen of onderwerpen worden genoemd die ook afzonderlijk in de encyclopedie worden behandeld, zijn die doorgaans bij eerste vermelding in de tekst blauw en met een asteriks (\*) gemarkeerd', sa skriuwt de NEF op side 13. It bywurd 'doorgaans' makket dúdlik, dat de oanpak net oeral deselde is. Wannear wol en wannear net? Yn de tekst ûnder 'Aaisykjen' wurdt bygelyks de 'Leeuwarder Courant' neamd, mar net mei in blauwe trochferwizing en in \* nei it selsstannige lemma. En hie it fierders net mei blau sûnder in asteriks ta kinnen? De reade ferwizingen hawwe dochs ek gjin \* nedich?

De list mei buorskippen is neffens it artikel beheind ta de buorskippen yn de 19de iuw. Dat is eigenaardich, want hoe kin de lêzer witte wat yn dy iuw as buorskip fêstlein is? En wêrom fertsjinnet Medwerd/Meddert as buorskip ek nochris in eigen lemma? Yn dyselde list steane twa buorskippen ûnder Holwert neamd, mar as men ûnder 'Holwerd - *Holwert*' sjocht, wurde dêr fjouwer neamd.

As neigien wurdt hokker literatuer oft brûkt is, falt it op, dat de makkers hielendal foarbygien binne oan bygelyks it standertwurk *De stinzen in middeleeuws Friesland en hun bewoners* dat Paul Noomen yn 2009 publisearre hat, en dat wylst dy stúdzje wol ûnder it lemma oer Noomen neamd wurdt. It is like frjemd, dat de ensyklopedisten as it om bygelyks 'Gemalen' en 'Waterstaat, binnendijks' giet, gjin gebrûk makke hawwe fan de dissertaasje fan Jan Louman, *Fries Waterstaatsbestuur* (2007). Wim Visscher syn wiidweidige stúdzje *Verveningen en verveenders in Friesland* kaam goed fjirtjin dagen nei de slutingsdatum fan de NEF út, dat dêr koe de NEF spitigernôch noch gjin weet fan hawwe.

It sil dúdlik wêze. De NEF hat ús teloarsteld. It hie better kinnen en moatten. Feitlik jout de NEF in byld fan Fryslân, it grûngebiet, de maatskippij en de bewenners yn al har fasetten, mar makket it foarsjen yn it ferlet fan 'handzame feitenkennis, waarvan de inhoud wordt gegarandeerd door een wetenschappelijke redactie en door auteurs die met naam en toenaam bekend zijn. Informatie die wordt aangeleverd en ingedeeld volgens eensluidende criteria. Kennis bovendien waar steeds naar kan worden verwezen en die op zijn beurt naar betrouwbare bronnen elders, zowel in druk als op het internet verwijst' ûnfoldwaande wier. Dat is geweldich spitich. Der sil dan ek noch hiel wat refyze- en korreksjewurk dien wurde moatte, ear't ien en oar op it ynternet set wurdt, lykas it doel is.



## *Peter Schoen (2016)*

Tussen hamer en aambeeld.

Edelsmeden in Friesland tijdens de Gouden Eeuw

Hilversum: Uitgeverij Verloren

Wim Nys

Onder de titel *Tussen hamer en aambeeld* verscheen bij de promotie van Peter Schoen (\*1961) aan de Universiteit van Leiden op 6 oktober 2016 een nieuwe stevige publicatie over Fries zilver. Historicus Peter Schoen verdiende eerder onder impuls en als medewerker van het Museum Willem van Haren in Heerenveen zijn sporen in het onderzoek naar edelsmeden uit die plaats, wat in 1989 leidde tot de tentoonstellingscatalogus *Heerenveens zilver* en in 2002 tot de publicatie *Heerenveens zilver 1616-1813*, waarvan hij respectievelijk de samensteller en de auteur was. Met zijn nieuwe publicatie, die de ondertitel *Edelsmeden in Friesland tijdens de Gouden Eeuw* meekreeg, voegt Peter Schoen een nieuw belangrijk hoofdstuk toe aan hetgeen over Fries zilver sinds 1927, het jaar waarin het *Friesch Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde* het honderdjarig bestaan van de vereniging vierde met een tentoonstelling van antiek goud- en zilverwerk in het Fries Museum in Leeuwarden, werd geschreven.

De opzet van Peter Schoen, die hij in de inleiding uitvoerig met de voor hem typerende acribie uit de doeken doet, wijkt af van de lange traditie om het Fries zilver vanuit regionaal of kunsthistorisch perspectief te bekijken. De driedelige turf *Fries goud en zilver* (1.024 pagina's, ca. 1.250 illustraties, 423 catalogusnummers), die in 2014, onder redactie van Johan R. ter Molen en in samenwerking met de Ottema-Kingma Stichting, tot stand kwam, is van dat laatste een goed voorbeeld. Ook de catalogus *De zilveren eeuw: Fries pronkzilver in de zeventiende eeuw*, samengesteld door Marlies Stoter, die in 2000 ter gelegenheid van de gelijknamige tentoonstelling verscheen, gaat uit van een objectgerichte benadering. Zonder dat expliciet te vermelden, gebruikt Schoen de prosopografie – collectieve biografie of historische sociografie – als instrument om het beeld van de Friese, in het bijzonder de Bolswarder, edelsmeden scherper te stellen.<sup>1</sup> Biografisch onderzoek is niet alleen de *conditio sine qua non*

---

1 Over edelsmeden in Bolsward zie ook *De glans die blijft: antiek zilver van Bolswarder meesters* (Bolsward 1987).

om bewaard gebleven edelsmeedwerk – het topje van de ijsberg – correct te identificeren en te interpreteren, maar ook absoluut noodzakelijk om hetgeen verhandeld, verwerkt en gesmolten werd in het globale verhaal een plaats te geven met de voor edele metalen specifieke wetgeving en de organisatie van het ambacht als referentiekader.

De eerste negen hoofdstukken werden, uitgezonderd het ‘Demografisch perspectief’ (pp. 36-49), gegroepeerd in twee delen, met name ‘Wetgeving’ (pp. 51-142) en ‘Edelsmedengilden’ (pp. 143-239). De delen drie en vier (of hoofdstukken tien en elf), ‘Ambacht en handel’ (pp. 241-270) en ‘Bolsward’ (pp. 271-298), toch de kern van de publicatie, nemen in verhouding veel minder plaats in, als je de biografieën van de Bolswarder edelsmeden buiten beschouwing laat (pp. 229-409). Dat de auteur voor deze volgorde opteert, valt onder andere te verklaren door het gegeven dat hij vanuit breed Fries perspectief vertrekt, om via een vergelijking tussen een middelgroot en klein productiecentrum, Leeuwarden versus Bolsward, uiteindelijk de situatie in Bolsward uit de doeken te doen. Bovendien heeft het jarenlang onderzoek van de auteur heel wat interessante casussen, in het bijzonder met betrekking tot de situatie in Leeuwarden, maar ook uit andere Friese productiecentra, zoals Heerenveen, Joure, Sneek en Stavoren, opgeleverd, waarmee in vele opzichten de officiële regelgeving aan de dagelijkse praktijk getoetst kan worden. Dat hij hierbij ook informatie over de situatie na 1695 – het jaar waarin Friesland de eerder in Holland doorgevoerde wetgeving overnam en een provinciaal waarborgteken introduceerde – verwerkt, maakt de ondertitel van het boek *Edelsmeden in Friesland tijdens de Gouden Eeuw* misleidend, want het bevat veel gegevens over de productie, de handel en de maatschappelijke positie van de Friese edelsmeden, in het bijzonder die van Bolsward, in de achttiende eeuw. In de inleiding wordt dat trouwens aangekondigd: ‘Deze studie is chronologisch opgezet en bestrijkt de periode van 1500 tot 1800, waarbij de nadruk op de zeventiende eeuw ligt’.

De biografisch schetsen van de Bolswarder edelsmeden omvatten een nog iets ruimere periode. De eerste ‘goldsmid’ is Tiaerdt of Tyaerdt, die vanaf 1479 vermeld wordt. Degene die als nummer 78 het rijtje sluit, is Albert Eerdmans (\*1783), die zich in 1807 in de keurkamer van Bolsward inschreef. Zijn enig gekende werk is voorlopig een gouden boekbeslag in de collectie van het Fries Museum. De biografie van Pieter Arents Hetteema, afkomstig uit Bolsward en in 1604 als meester in Amsterdam geregistreerd, werd achteraan de achtenzeventig verder chronologisch gerangschikte biografieën geplaatst.

In het verleden werd vaak geprobeerd om een Friese stijl of vormentaal te definiëren, om daarmee het nationaal bewustzijn aan te wakkeren of de eigen identiteit te profileren. Alleen al door de vraag te stellen: ‘Hoe

Fries is Fries zilver?', countert de auteur dit gebruik.<sup>2</sup> Schoen baseert zich hiervoor op nieuwe archiefvondsten, in het bijzonder met betrekking tot het handelsverkeer tussen Amsterdam als productiecentrum enerzijds en Friesland als afzetmarkt anderzijds. Dat Friese edelsmeden of juweliërs Amsterdams werk of edelsmeedwerk van buiten de republiek verkochten, kan immers perfect aangetoond worden. Hetzelfde is van toepassing voor Friezen die elders werden opgeleid. Of dit ook uit de bewaard gebleven objecten met Friese keuren afgeleid kan worden, wordt door historicus Schoen niet echt beantwoord. Hij is zich enerzijds goed bewust van de beperkingen van de objecten, maar anderzijds betreft hij ze te weinig in zijn discours. In zijn verantwoording bij het biografisch repertorium geeft hij daarvoor een mogelijke reden: 'Tussen de voorwerpen bevinden zich hoogstwaarschijnlijk vervalsingen'. En dát er vervalsingen circuleren, werd in 2014 vakkundig aangetoond in de bijdrage van Jean-Pierre van Rijen in het bovengenoemde *Fries goud en zilver*. In die zin is het jammer, dat het edelsmeedwerk met Bolswarder keuren niet aan een nader technisch en stilistisch onderzoek werd onderworpen.

Een merkenindex of concordantietabel met het standaardwerk over Friese merken, waarvan hij de opzet heeft overgenomen, ontbreekt, wat gezien de nieuwe toeschrijvingen en het feit dat enkel de merken gekoppeld aan biografieën worden afgebeeld, het gebruik van dit boek als merkenrepertorium niet bevordert.<sup>3</sup> Het meesterteken met daarin een klaverblad werd tevoren onterecht toegeschreven aan Frans Machet (\*1673). Op basis van het wapen op een geboortelepel van zijn dochter Aeltje Fransen wordt het huismerk, zoals afgeslagen op een theebus van 1715, nu aan Machet toegewezen. Op basis van gelijkaardig genealogisch en heraldisch onderzoek wordt het merk met klaverblad nu bij Claes Clasen Balck (\*1646) afgebeeld.

Schoen heeft wel aandacht voor zeer specifieke aspecten, zoals de maatschappelijk positie van de edelsmeden in relatie tot hun geloofsovertuiging, hun vermogenspositie en hun materiële cultuur; ook al is de oogst op dat laatste terrein momenteel bijzonder beperkt. Datzelfde geldt ook voor het staven van de concrete samenwerking tussen gildeleden of de overname van bijvoorbeeld gereedschap. Naast de gedetailleerde casussen die in de tekst verwerkt werden, neemt Schoen gelukkig ook heel

2 Ook voor andere regio's in de Lage Landen kan en moet dezelfde vraag gesteld worden. Het besluit van het tekstgedeelte van de tentoonstellingscatalogus *Waas Zilver* kreeg in 2007 daarom de ondertitel 'Hoe Waas is Waas zilver?'. Zie W. Nys, *Waas Zilver 1700-1869* (Antwerpen-Deurne 2007) [Sterckshof Studies, 34], pp. 58-59.

3 E. Voet jr., *Merken van Friesche goud- en zilversmeden* ('s-Gravenhage 1932).

wat relevante tabellen en grafieken met betrekking tot bijvoorbeeld de herkomst en de nevenfuncties van de edelsmeden in bijlagen op. Het boek bevat een index op persoonsnamen, maar andere ingangen, zoals bijvoorbeeld op plaatsnamen, ontbreken.

Naast de fotografisch gereproduceerde merken werden zevenenveertig afbeeldingen in zwart-wit afgedrukt, waarbij het in hoofdzaak gaat om (fragmenten van) documenten die de dagelijkse handel en wandel van de edelsmeden tot leven brengen. Een zeldzame keer wordt daarvoor een (detail van een) object ingezet. De samenvatting van negen à tien pagina's werd zowel in het Nederlands als het Engels opgenomen.

Met het werk *Tussen hamer en aambeeld* levert historicus Peter Schoen, gebaseerd op degelijk en jarenlang onderzoek, een wezenlijke bijdrage tot de kennis van goud- en zilversmeden in Friesland en bij uitbreiding de Nederlanden. Hij brengt bijzondere casussen aangaande Friese edelsmeden, die hij met veel acribie beschrijft, op een helder gestructureerde manier aan het licht. Dat hij in de loop der jaren zijn onderzoeksvragen bijstelt, getuigt van zijn kritische geest. Zijn doelstelling: 'Het creëren van een scherper beeld van het leven en werk van Friese edelsmeden', wordt echter slechts ten dele ingevuld, tenzij je 'werk' vervangt door dagelijkse praktijk of handel en weet dat het vooral gaat om Bolswarder edelsmeden in Friese context. In die zin is de ondertitel van het boek, *Edelsmeden in Friesland tijdens de Gouden Eeuw*, misleidend, te meer, omdat de auteur een veel ruimere periode, van circa 1500 tot 1800, behandelt. Wanneer Schoen in zijn inleiding de nieuwe collectiepresentatie van het Rijksmuseum Amsterdam bewierookt door aan te geven dat 'een stevige integratie van geschiedenis en kunstgeschiedenis tot een wederzijdse versterking kan leiden', is het wel jammer, dat het edelsmeedwerk met Bolswarder merken niet nader onder de loep werd genomen. Daarmee zweeft dit zorgvuldig uitgegeven boek spreekwoordelijk tussen hamer en aambeeld, maar tegelijkertijd geeft het wél de broodnodige historische context om het bewaard gebleven edelsmeedwerk uit de onderhavige regio beter te bestuderen en te begrijpen.

(Dr. Wim Nys (\*1969) is haad kolleksje en ûndersyk fan DIVA, it 'Museum voor Edelsmeedkunst, Juwelen en Diamant', yn Antwerpen. Yn 2015 promovearre er oan 'e Universiteit Gent op it proefschrift *Edelsmeden in het Land van Waas 1688-1869. Een prosopografische studie.*)

